



"Vischwijk" de pleats fan famylje Galama yn 2015.

23 Ursuladyk 7

(Vischwijk)

De bewenners

De pleats 'Vischwijk' oan 'e Ursuladyk nr. 7 wurdt bewenne troch de famylje Galama. Michiel Galama (1954) en Ytsie Bonekamp (1957) kamen hjir yn 1982 te wenjen. Harren dochter Nynke (1981) wennet mei har man Arjan Sebel út Spijkenisse en har trije dochters Yfke (2011), Marte (2013) en Nora (2015) yn Boalsert. Aldste soan Titus (1983) wenne tidens en nei syn studearjen earst yn Deventer en Utert, en no mei syn freondinne Marit Klingler yn Amsterdam. Twaling Oane en Ysbrand (1985) binne ek útflein: Ysbrand wennet yn Warkum, mar is in protte op 'e pleats te finen sûnt er mei yn de maatskip sit. Oane sit op it momint fan skriuwen in twatal jierren yn Nij Seelân mei syn frou Renske Terwisscha van Scheltinga, dêr't se harren dwaande hâlde mei ûndersyk en oar wurk.

Eins wie it hielendal net de bedoeling dat Michiel boer wurde soe. Hy die de mts bouwkunde en wegen waterbouw en gie oan it wurk by de gemeente Warkum en Koudum. Michiel en Ytsie wennen doe op de buert, neist de tsjerke. Michiel wie lykwols gjin amtner. De muorren kamen faak op him ôf en der waard yn syn eagen te min trochpakt.

Syn heit buorke noch op de pleats, mar wol 'mei de rem der op', want der wie gjin opfolger. Doe't Michiel en Ytsie de pleats dochs oernimme woene, moast der dan ek hiel wat feroarje. De kij waarden noch op stâl molken en dy wienen mei 1.80 meter tige plat foar Michiel. Dêrom brochten se de souder omheech, sadat er yn elts gefal rjochtop rinne koe. Mar ek de kij groeiden letterlik út it bûthús en yn 1991 waard der in lisboksstâl boud. Dy is yn 2010 ferlinge en jout plak oan sa'n 80 kij mei jongfee. De

stâl sit noch net fol; der is boud op de takomst, as de folgjende generaasje fierder buorkje wol.

Ysbrand is de potinsjele opfolger. Hy hat feehâlderij studearre oan it Van Hall Instituut en wurket as 'skriezolooch' by de Rijksuniversiteit Groningen. Dêr draait er mei yn in ûndersyk nei skriezen dy't ûnder oaren yn it Heidenskip fongen en sendere binne en dy't hy folge hat oan Portugal ta. Dêrneist hat er syn eigen advys- en tekenburo. Yn 'e winter wurket er wol foar de provinsje mar docht ek wol oare natuerprojekten.

Oane siet yn 'e wettertechnology by Wetsus yn Ljouwert en wurke oan in ûndersyk om sâlt wetter swiet te meitsjen, sadat it brûkt wurde kin foar yrrigaasje en drinkwetter. Hy is dêrop yn 2015 promovearre.

Yn 'e maitiid binne Oane en Ysbrand in protte yn it fjild te finen, as se nêsten sykje om te beskermjen. Ysbrand sit yn it bestjoer fan de fûgelwacht. Dy leafde foar de natuer is harren mei de brijleppel yngetten. Michiel rûn ek al as jonkje troch de fjilden om de greidefûgels te beskermjen. Doe wiene der wol hiel wat mear fûgels as no. It lân lei der hiel oars hinne; der wiene noch greppels en it wetter stie heger. No binne der net folle greidefûgels mear.

Ek Ytsie is in natuerminske. Se is berne op in pleats yn Westhim en fielt har tige thús op de pleats yn It Heidenskip, dêr't se in grutte tún hat en dêr't altyd wol wat te dwaan is. In 'âlde' pleats jout no ienkear mear wurk as in nijbouwente, mar jout ek folle mear sfear en dêr hâlde se fan. En se mei graach sa no en dan wat feroarje. It lêste projekt wie in bernekeamer, sadat Nynke, Arjan en de pake- en beppesizzers altyd in plak ha om te sliepen wannear't se yn de buert binne.

Ytsie hâldt fan skriuwen en ferhalen betinken. Se skriuwt oersettingen fan toanielstikken foar de Heidenskipster toanielferiening 'Yn it oare fel' en is dêr ek regisseur. Ek hat se berneferhalen skreaun en bondele. Ysbrand hat dêr de tekeningen by makke, want tekenjen is in hobby fan de twaling. Ek soan Titus sit it skriuwen yn it bloed: hy studearre yn 2008 ôf oan de oplieding foar sjoernalistyk en hy dielt mei Michiel de ynteresse yn skiednis.

In oare grutte hobby fan allegear is it fierljeppen, dat rint as in reade tried troch it libben fan de famylje Galama. Yn 1975 wie Michiel ien fan de grûnlizzers fan de Heidenskipster fierljepferiening, doe't er mei Fouke de Vries en Siebe Tjalma in skâns makke by Fouke thús. Hy hie mei de KPJ (katholieke platte-

lands jongeren) wol ljept yn Bakhuzen en krige de oaren entûsjast om mei te dwaan. Yn 1983 kaam der in echte skâns yn It Heidenskip en waard de feriening offisjeel oprjochte.

De twadde generaasje is no oan bar. Nynke hat by de froulju sprongen en Oane en Ysbrand ljepte op topnivo. Oane hat it ljeppen fanwegen syn tydlike ferbliuw yn N. Seelân op in sêfter pitsje set, mar Ysbrand springt noch mei oan 'e top en hat al fierder as 20 meter sprongen. Oane syn p.r. leit oer de 21 m. Michiel syn hobby is it útsykjen fan de skiednis fan pleatsen en famyljes. Dit boek is in ynitiatyf fan him. Mei moai waar giet er der graach mei de motor op út.

De pleats

Dizze stjelppeats is boud yn 1870 troch de Warkumer timmerman Andries Bekema. Yn de foarmuorre is in earste stien ynmitsle dêr't op stiet: "Jelle S. Dijkstra, heeft den eersten steen gelegd den 3 april 1870". Jelle S. Dijkstra wie de jongste broer fan Siebren en hat letter wenne op de pleats dêr't Oenema no buorket.

De pleats is op deihier bouwe litten troch Sytse Jelgers Dijkstra foar syn soan Siebren Dijkstra en Minke de Boer. Dizze pleats is fuort kommen út "Groot Vischwijk" en leit oan de súdkant fan de Ald Grêft of De Fiskwyk, dêrom hat de nije pleats de namme "Vischwijk" krigen.

Yn de tiid dat de stjelp boud is, waard der ek noch bûter en tsiis makke, dêrom stiet dizze sate mei de foarein nei it noarden. De pleats is hast in foarbyld fan hoe't in Fryske stjelppeats der út sjen moast. De earste stjelpen binne al boud yn de 17de iuw. Troch nije ynsichten oangeande it bûter- en tsiis meitsjen hat de stjelppeats in hiele ûntwikkeling meimakke.



In foto fan 1930 doe't Willem S. Dijkstra hjir buorke.



*Willem Siebrens Dijkstra
(1886-1966).*

Op it ein fan de 20ste iuw berikt dat syn hichtepunt en kin de Fryske stjelppleats beskôge wurde as in tige funksjoneel en effisjint gebou dat syn einpunt fan ûntwikkeling berikt hat. Troch de opkomst fan de bûter- en tsiisfabriken kin de tsjernromte en molkenkelder út de pleats ferdwine. As wer letter de gollen foar it hea net mear nedich binne omdat it gers no allegearre ynkuild wurdt en de kij net mear yn it bûthús stean mar yn de lisboksstâl, dan is it dien mei de stjelp as boerepleats.

By 'Vischwijk' is it wendiel skieden fan it bedriuwdsdiel troch in lange trochrinnende gong oer de hiele breedte (20,85m.) fan de pleats, mei op elke kant in bûtendoar. Op de noardwestkant de sneinske keamer mei in bedsteewand, besteande út twa bedsteeën en dêr tusken yn in djippe kast. Dêrneist de húskeamer mei ek in bedsteewand, dan in sliepkeamer en trepopgong nei de souder mei in spekhok. Op de noardeastkant de grutte molkenkelder, dy't oan de keuken grinze. Ut de keuken wei koe men yn 'e skuorre komme, dêr't de tsjermûne stie. Op it hiem leit noch in grouwe balstien dêr't in gat ynsliten is troch de tsjernpeal. Dy peal mei it bopperêd draaide ûnder en boppe yn in soarte fan lager. Yn it hart fan de tsjernpeal siet in izeren pinne dy't yn it gat fan in hurde stien (faak in swerfstien) draaide, as it gat te rom waard dan ferleine se de stien in bytsje en makken se der in nij gat yn, sadat de tsjernpeal wer in skoft draaie koe. In hynder soarge foar de oandriuwing fan de tsjermûne. It tsjernpaad dêr't it hynder syn rûntsje draaide wie fluorre mei gieltsjes, fierder wie de skuorreed faak fan liem mar ek wol fluorre mei gieltsjes.

Midden yn de gong siet noch in útbou yn 'e golle, dêr't ek noch twa bedsteeën wiene. Mei inoar wiene der seis bedsteeën en yn it grut bûthús wie noch

ien foar de feint. De souder waard eartiids net brûkt foar slieperij. Dêrom sjocht men op pleatsen fan foar 1900 ek gjin kajuten.

Foar yn 'e skuorre is in kachelhokje, dêr waard yn it begjin it iten yn klearmakke.

De stjelp is 32,55m. lang, yn it grut bûthús wiene 12 stâlen en yn it lyts bûthús 2x5 stâlen. Yn de skuorre koene 10 hokkelingen stean, fierder wie der noch plak foar in bolle en in hynder. Der wiene trije gollen fan 6,1m. x 9,7m. foar it hea; mei in jakobsliedder koe it hea oer alle gollen ferdield wurde.

Yn de skuorre en yn it bûthús stiene twa pompen dy't oansluten wiene op in wel. As se foarhinne in pleats bouden dan wie it belangryk dat der ek genôch wetter foar hannen wie.

Efter de pleats stie noch in hok dat ferdield wie yn trijen: in weinhok, in bollehok mei trije stâlen en in hynstehok, dêr't trije hynders stean koene. Op de souder boppe de hynstestâl, wie in dowehok.

Op it dak fan it wendiel lizze glêde swarte pannen en op it bedriuwdsdiel lizze reade 'Hollânske pannen'. It reinwetter fan de foarein wie skjinner troch minder mosoangroei op de pannen en koe dêrom brûkt wurde foar de húshâlding. De naald fan it dak leit op 14 m.

Op de foar- en efterkant fan it dak sit in ûleboerd fan it súdwesthoeke type. Fan âlds hie in eigen pleats in wite makeler en by in hierpleats wie de makeler grien skildere. De skoarstien sit in meter efter it ûleboerd.

Skiednis fan de pleats en syn bewenners

De earste bewenners fan dizze pleats wiene Siebren Sytjes Dijkstra en Minke Baukes de Boer. Siebren is berne yn 1844 op "Groot Vischwijk" (Ursuladyk 26) as fjirde yn in húshâlding fan njoggen bern. Sate "Groot Vischwijk" wie in pleats mei in soad lân, wol 200 pm. Siebren woe graach boer wurde mar thús wie noch gjin plak, want der wiene noch mear bern dy't boer wurde woene. Dêrom waard besletten om it lân yn twaen te ferdielen en der in nije pleats by te bouwen. It lân noardlik fan de Fiskwyk bleau by "Groot Vischwijk" en it lân súdlik dêrfan kaam by de nije pleats. Der lei al in brêge oer de wyk en in 50 m. dêr fan ôf waard de pleats boud.

By de nije stjelp dy't de namme "Vischwijk" krige, lei goed 100 pm. lân. Dat lân wie leger as it lân fan "Groot Vischwijk" en der wie ek noch in reidpoel by fan de eardere Tjallingmar. It lân waard bemeald

troch in spinnekopmole, dy't rjocht foar "Groot Vischwijk" oer stie.

Yn maaie 1870 binne Siebren en syn frou Minke de Boer, dy't fan Iens kaam op "Vischwijk" kommen te wenjen.

Der koene sa'n fjirtich kij molken wurde en de molke moast op 'e pleats ek wer ferwurke wurde ta bûter en tsiis. As der in nije pleats boud waard, dan moast der ek allegear nij boere-ark komme, sa as bygelyks in baskule mei gewichten om ûnder oare de bûter ôf te weagjen. De âlde baskule mei syn gewichten stiet noch op de heasouder. Yn de gewichten sitte merken (letters) dy't mei in bepaald jier oerienkomme. De merken fan dy gewichten ha in "B" en dat stiet foar it jier 1870, de startdatum fan dit bedriuw.

Op "Vischwijk" waarden njoggen bern berne; 1 Waltje 1871, troude mei de Warkumer dokter Theo Albada Jelgersma, 2 Marijke 1873, troude mei Durk Douwes v.d. Werf (Tigchelwurk pleats, no Jetze Jellesma), 3 Siebrigje 1875, troude mei Jacob Klazes Hettinga fan Heech, 4 Boukje 1876, boerinne op Vischwijk en net troude. Op har 23ste krige se in harsenblieding, sy koe doe flif wiken net rinne en neffens dokters yn Amsterdam soe se net âld wurde, se

is 85 jier wurden. 5 Sietse 1879, boer yn Tsjerkwert en troude mei Sytske de Boer. 6 Bauke 1881, boer by heit op 'e pleats en yn 1922 troude mei Johanna Lycklama à Nijeholt. Se buorkje dan fierder op in nije pleats (Ursuladyk 24 Smeding) dy't wer út de âlderspleats fuortkommen is. 7 Fetje 1883, wenne mei har suster en broer op Vischwijk en wie net troude. Har hiele libben hie se in swakke sûnens en yn de oarloch krige se ek noch tbc. 8 Willem 1886, boer op Vischwijk en wenne by syn susters op 'e pleats. Hy hie ferkearing mei in efter-efternicht mar dat mocht net, hy hat de ferkearing útmakke en is doe frijfeint bleaun. 9 Bernadine 1892, troude mei Haije Westendorp, de beurtskipper en frachtrider fan Warkum.

Siebren en Minke binne yn in opgeande tiid boer wurden, de bûter en tsiis brochten goede prizen op. De tiid gie foarút, de yndustry makke opgong, de earste spoarlinen waarden oanlein, de earste suvelfabriken waarden oprjochte.

Siebren Dijkstra hie al gau yn 'e gaten dat je meidwaan moasten om by de tiid te bliuwen. Hy en syn broer Sjoerd spanden har yn om in ferhurde paad oan te lizzen fan Groot Vischwijk troch de Kolmer nei de Aldedyk om sa yn Warkum te kommen. Dat



De Vischwijk mei it stalt en de molkskou fan Jan de Jong yn 1961, f.l.n.r. Dútse fakânsjegonger Heino, Sijke Kuipers en Michiel Galama.



De brêge oer de Vischwijk, fan it stalt ôf, op 'e brêge Katrien de Jong, Hanny Miedema, Janke Kuipers en Cilia Galama, lytse boatsje Hans en Gerry de Jong, Michiel, yn 'e skou Iet Galama en Sietze de Jong.

wie in lânpaad dêr't in hiele protte Heidenskipsters, ûnder oare ek út de Skar wei, gebrûk fan makken. De gemeente Warkum woe op gjin inkeld manier jild en tiid yn it projekt "de Heidenskipster laan" stekke. As de boeren en ynwenners fan It Heidenskip sa nedich nei Warkum moasten, dan moasten se sels mar sjen om dêr te kommen.

Doe't de Heidenskipsterdyk oanlein is, ha de Dijkstra's besocht om dêr oansluting op te krijen. Yn 1904 waard de Heidenskipsterdyk fan de Hel trochlutsen oan Koudum ta en de minsken fan it Ursulapaad hiene noch hieltiten net in ferhurde paad nei hûs. Doe ha al dy bewenners de koppen by inoar stutsen en ûnder lieding fan Siebren Dijkstra sels in ferhurde paad oanlein fan "Groot Vischwijk" ôf nei de Heidenskipsterdyk. Yn 1909 hat de gemeente Warkum dy dyk oernommen.

Siebren Dijkstra hat ek 35 jier lang "kerkmeester" west by de roomske parochy yn Warkum. Harren bern ha allegearre nei de iepenbiere skoalle yn 't lân west. Sneins nei tsjerkstiid krigen de bern dan noch kategismus ûnderrjocht fan de pastoar of kapelaan. Nei 1912 giene de roomske bern fan it Heidenskip nei de roomske skoalle yn Warkum, yn it Heidenskip wie doe al in nije kristlike skoalle.

Siebren en Minke binne op "Vischwijk" wenjen bleaun oan harren dea ta, dat kaam ek mei troch it

feit dat trije fan harren bern net trouw wiene en ek op de pleats bleaun wiene.

Yn 1928 is Minke stoarn en trije moannen dêrnei is Siebren fan ûnwennigens syn frou efternei gien.

De buorkerij waard trochset troch Willem Dijkstra mei syn beide susters Boukje en Fetsje as hûshâldsters. As it drok wie, sa as yn 'e ûngeitid dan holp broer Bauke ek wol mei.

Willem Dijkstra wie in man mei in brede belangstelling. Yn de tweintiger jierren wie hy al yn it besit fan in T-ford. Sneins mei syn famylje yn 'e auto nei tsjerke. Doe't de pastoar dêr weet fan krige doe frege dy ek wol gauris oft Dijkstra wol efkes mei him út riden woe. Dêr hie Willem Dijkstra gau syn nijs fan ôf mar je koene min nee sizze tsjin mynhear pastoar. Mei de oarloch is de auto fuortgien en doe wie it riden mei pastoar ek oan 'e kant.

Willem wie ek in echte natuerman. Maitiids aaisykje, dêrnei fiskje en yn 'e neisimmer en hjerst it fjild yn efter it wyld oan. Yn dy tiid waard de lange jacht ek noch útoefene, dat barde mei hazzewynhûnen.

Tûnkjen wie in oare leafhawwerij fan Willem. Neist hûs liet er yn 1929 in hûf fan 2000 m2 oanlizze mei wol tachtich ferskillende soarten beammen. Dêrfoar wiene der al fiif skûtsjes mei Gaasterlânske grûn opbrocht om de grûn te ferbetterjen en dat it makliker te bewurkjen waard. Dêr groeiden de lekkerste bei-

en, prommen, apels, parren, nuten en mispels. Fierder wie der noch in grientetún en sierbeammen. Dat allegear mei popelieren der om hinne as wynbrekkers, dy't der oant no ta noch steane. Yn 2010 hie de grutste popelier in omfang fan mear as fjouwer meter op in hichte fan ien meter.

Omdat der gjin eigen bern wiene, moast it wurk allegear mei frjemd folk dien wurde. Yn 'e rin fan de jierren ha hjir hiel wat arbeiders en feinten west. Yn 'e oarlochsjierren ha hjir ek wol jongkeardels west dy't opkomme moasten foar de Dútsers, mar dy't harren hjir op 'e pleats skûl hâlden en oerdei faak ek wol mei oan it wurk wiene.

Willem Dijkstra en syn beide susters woene de pleats al graach yn de famylje hâlde. Se wiene it der mei har trijen wol oer iens dat Dora fan broer Sietze út Tsjerkwert, wol mei har man, Titus Galama op 'Vischwijk' fierder buorkje koene. Yn 1946 binne Titus en Dora troud en binne doe op in lyts pleatske (Veldzicht) yn Burchwert kommen te wenjen. Harren fjouwer bern : Cilia, Iet, Ans en Michiel binne dêr ek berne.

Titus molk dêr 12 kij mei de hân, by de pleats wie 11 pm. lân en op ôfstân noch 17 pm.

Doe't de tiid der wie om op te hâlden foar omke Willem, doe woene de beide âlde muoikes noch net fan 'e pleats ôf. It soe noch oant 1956 duorje foardat se nei de stêd ferhuzen. Willem Dijkstra wie doe al 70 jier en syn beide susters 73 en 80 jier.

Vischwijk wie foar Titus en Dora in hiele feroaring, se hiene no in moaie grutte pleats. Mei help fan in arbeider en in feint koene se hast fjirtich kij melke. It lân lei allegear oan ien blok by de pleats mar je wennen hjir wol in ein fan Warkum ôf. In oar belangryk punt wie dat yn It Heidenskip noch gjin wetter en elektrysk oanlein wiene, dat soe noch hast fiif jier duorje.

De grutte feroaring dy't it boerebedriuw nei de Twadde Wrâldoarloch meimakke, kaam yn It Heidenskip pas yn de sechstiger jierren op gong. Doe't



Siebren S. Dijkstra (1844-1928) en Sjoerd S. Dijkstra (1851-1909) ha der foar soarge dat de Ursuladyk oanlein is.

it elektrysk oanlein wie yn ± 1961, waard tagelyk de melkmasine op 'e pleats ynfierd. Dêrnei begûn de opmars fan de trekker. Troch de opkomst fan de meganisaasje socht in grut part fan it folk op 'e pleats syn wurk earne oars.

Arend Smid hat seis jier arbeider west op Vischwijk. Earst wenne er noch yn in arbeidershûs oan 'e Sân-mar (Nullegea) letter ferhuze Smid nei de Heiden-skipsterdyk 53 (Meine Kampen). Dan wiene je bliid as je moarns yn it tsjuster mei kâld en wiet waar, glysterjend oer in drekkich lânpaad, yn it waarme bûthús wiene.

Dêrnei hat Frans Zijlstra hjir noch in skoft feint west. Letter is er timmerman wurden want dan koene je mear fertsjinje en hiene je yn it wykein frij. Mei it melken en yn de ûngetiid wiene der faak wol losse helpen.

Yn de santiger jierren waarden de kij molken oan de molklieding en kaam de molke yn de molktank. De boer hie no in bytsje mear frijheid want hy hoegde net mear om de molkrider te tinken. It mjuksjen waard dien troch in mjuksery.

Yn 1982 binne Titus en Dora nei Warkum gien te wenjen en hat harren soan it bedriuw oernommen.

Bewenners:

1870-1928 : Siebren Sytses Dijkstra (1845-1928) en Minke Baukes de Boer (1847-1928)

1886-1956 : Willem S. Dijkstra (1886-1966) Boukje (1876-1961) en Fetje (1883-1961)

1956-1982 : Titus J. Galama (1917-2001) en Dora B. Dijkstra (1922-2012)

1981-no : Michiel Galama en Ytsie Bonekamp